

Knappe fûgeltsjes

Bûten leit snie.

Tomke en Romke sitte by de tafel.

Se meitsje in ketting fan apenuten.

Foar de fûgeltsjes.

De ketting is hast klear.

Romke skoot in apenút nei Tomke.

Tomke docht de apenút oan it toutsje.

len, twa, trije, fjouwer, fiif.

De apenuten binne op.

‘Klear!’, roppe Tomke en Romke.

‘Moai sa’, laket Kornelia.

‘No kinne de fûgeltsjes mar ite.’

Se hingje de ketting oan it fûgelhúske.

Eefkes letter: frrrt!

Dêr komt al in fûgeltsje oan.

Syn eachjes geane hinne en wer.

Dan giet er op it tou sitten.

Pik, pik, pik, docht er mei syn snaffel.

Hy makket in gatsje yn 'e dop.

Frrrt! Dêr is alwer in fûgel.

‘Sjoch!’, ropt Tomke. ‘Dát is knap.

Wat in knap fûgeltsje!

Hy hinget op 'e kop te iten.’

‘Dat kin ik ek wol’, pocht Romke.

Hy giet op de flier lizzen.

En stekt fjouwer poatsjes de loft yn.

‘Ha, ha!’, laket Tomke.

‘Do kinst der neat fan.

Sjoch, sá moat it.’

Tomke giet achter de stoel stean.

Mei de rêch dertsjinoan.

Hy pakt de leuning mei twa hannen beet.

‘Sjoch Romke, ik doch de fuotten omheech.

Dan hingje ik op 'e kop!’

Rommelebom!

De stoel kypt achteroer.

En Tomke leit derûnder.

‘Au, au, myn holle!’, ropt Tomke.

Kornelia komt mei in wiete doek.

Dy docht se op 'e bult.

‘Ik woe op 'e kop hingje,

krekt as it fûgeltsje’, gûlt Tomke.

‘Do bist gjin fûgel’, seit Kornelia,

‘wy kinne net op 'e kop ite.’

Eefkes letter sitte se achter de stampopot boerekoal.

Net op 'e kop, mar... rjochtop!

